This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

+ *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.

+ *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.

+ *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.

+ *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at `http://books.google.com/`

Over dit boek

Dit is een digitale kopie van een boek dat al generaties lang op bibliotheekplanken heeft gestaan, maar nu zorgvuldig is gescand door Google. Dat doen we omdat we alle boeken ter wereld online beschikbaar willen maken.

Dit boek is zo oud dat het auteursrecht erop is verlopen, zodat het boek nu deel uitmaakt van het publieke domein. Een boek dat tot het publieke domein behoort, is een boek dat nooit onder het auteursrecht is gevallen, of waarvan de wettelijke auteursrechttermijn is verlopen. Het kan per land verschillen of een boek tot het publieke domein behoort. Boeken in het publieke domein zijn een stem uit het verleden. Ze vormen een bron van geschiedenis, cultuur en kennis die anders moeilijk te verkrijgen zou zijn.

Aantekeningen, opmerkingen en andere kanttekeningen die in het origineel stonden, worden weergegeven in dit bestand, als herinnering aan de lange reis die het boek heeft gemaakt van uitgever naar bibliotheek, en uiteindelijk naar u.

Richtlijnen voor gebruik

Google werkt samen met bibliotheken om materiaal uit het publieke domein te digitaliseren, zodat het voor iedereen beschikbaar wordt. Boeken uit het publieke domein behoren toe aan het publiek; wij bewaren ze alleen. Dit is echter een kostbaar proces. Om deze dienst te kunnen blijven leveren, hebben we maatregelen genomen om misbruik door commerciële partijen te voorkomen, zoals het plaatsen van technische beperkingen op automatisch zoeken.

Verder vragen we u het volgende:

+ *Gebruik de bestanden alleen voor niet-commerciële doeleinden* We hebben Zoeken naar boeken met Google ontworpen voor gebruik door individuen. We vragen u deze bestanden alleen te gebruiken voor persoonlijke en niet-commerciële doeleinden.

+ *Voer geen geautomatiseerde zoekopdrachten uit* Stuur geen geautomatiseerde zoekopdrachten naar het systeem van Google. Als u onderzoek doet naar computervertalingen, optische tekenherkenning of andere wetenschapsgebieden waarbij u toegang nodig heeft tot grote hoeveelheden tekst, kunt u contact met ons opnemen. We raden u aan hiervoor materiaal uit het publieke domein te gebruiken, en kunnen u misschien hiermee van dienst zijn.

+ *Laat de eigendomsverklaring staan* Het “watermerk” van Google dat u onder aan elk bestand ziet, dient om mensen informatie over het project te geven, en ze te helpen extra materiaal te vinden met Zoeken naar boeken met Google. Verwijder dit watermerk niet.

+ *Houd u aan de wet* Wat u ook doet, houd er rekening mee dat u er zelf verantwoordelijk voor bent dat alles wat u doet legaal is. U kunt er niet van uitgaan dat wanneer een werk beschikbaar lijkt te zijn voor het publieke domein in de Verenigde Staten, het ook publiek domein is voor gebruikers in andere landen. Of er nog auteursrecht op een boek rust, verschilt per land. We kunnen u niet vertellen wat u in uw geval met een bepaald boek mag doen. Neem niet zomaar aan dat u een boek overal ter wereld op allerlei manieren kunt gebruiken, wanneer het eenmaal in Zoeken naar boeken met Google staat. De wettelijke aansprakelijkheid voor auteursrechten is behoorlijk streng.

Informatie over Zoeken naar boeken met Google

Het doel van Google is om alle informatie wereldwijd toegankelijk en bruikbaar te maken. Zoeken naar boeken met Google helpt lezers boeken uit allerlei landen te ontdekken, en helpt auteurs en uitgevers om een nieuw leespubliek te bereiken. U kunt de volledige tekst van dit boek doorzoeken op het web via `http://books.google.com`

Neth
8447
255.10A

HD WIDENER
HW LEIQ %

De Lape Koer fen Gabe

Halbertsma - Skroor - 1809

Veth 8447.255.10
A

HARVARD COLLEGE
LIBRARY

THE GIFT OF

HENRY HARMON STEVENS

PH.D. 1916

DE LAPE KOER

FEN

GABE SKROOR.

Noch ris yn 't ljocht joun fen

DR. F. BUITENRUST HETTEMA.

Dit kear printe in útjoun bij
W. A. EISMA Cz., LJOUWET.
1899.

It wie nei achttsjin-hûnderd tretsjien!

Wij hiene de Franskes wer buten 'e doar krige; vij wiene wer Friezen; wij fielden ús sels wer.

Krekkelyk as bij de oare Nederlânners, in Dútskers wie it „nationalismus", it „patriottismus", — it „folks-eigene" tige bij tige oplôge.

In it Fryske folk soe ik wer Fryske tael prate in fryske stikken lêze.

Libben in fleur brochten in bulte friezen der yn, sa as Wassenberg, Epkema, de Scheltema's, de Halbertsma's en sa folle oaren mear as der west binne.

Foaral de Halbertsma's ha der jar krêften an offere.

Dat wiene Stân-Friezen, dij 't har sels in har Stân-aert kinden; dij 't har joegene krekt as se wiene, en wat se seien in yn wat se skreauwden.

—

In dij 't dermei krekt de Friezen troffen op it teare plakje, wer 't se allegjerre noch Friezen binne.

Friezen, hjir ha jyme nou de earste LAPEKOER *fen Gabe Skroar, krekkelyk as Joost Hiddes dij presint joun het yn 1822 oan syn bloedmiigen in freunen. Dij wie yn in pear moanne sa bikind, dat elk him graech ha woe; in om 't er gjin eksimplaren yn 'e boekwinkels to krijen wiene skreauden se 'm ôf. Sels is for in eksimplaar acht goune bean.*

Dit lytse boekje hat de Friezen oanfitere om frysk to lêzen; en derom joue wij jyme it nou presint krekkelyk as Joost Hiddes dien het, in wij hoopje dat jyme dit noch 'ris oanfitere mei om jyme memmesprake to lêzen, in to underhâden.

De boekstavering is oars as oars, dy bin wij net wind. Derom is der net minder.

Joost hie earst yn 't sin om safolle 't er koe to skriuwen as min praten hearde. Mar do er kaem yn it selskip fen ljue dij it begrepen hiene op it âde! âde!

Dat wie better. Dij 't er nou wieen, wie forbastere skaei!... Nou, doe het er yn'e fryske boekstavering ik letters ynfierd dij 't neane sprutsen wuddene, sa det bygelyks folle Friezen yn ús tiiden, dij 't altiten frysk prate, datselde frysk nèt lêze kinne.

Derom joue wij dizze Lapekoer yn 'e boekstavering fen 't earste útjefte.) Min kin nou ik sjen, ho it Frysk noch oars spjeldzje wudde kin.*

Z. *B. H.*

(*) *Printflaters, dij 't út 'e sin blieken, ha wij forbettere. Dit bin-sè: Side 2 yn 'e âde Lapekoer stiet: »sille my".*

» 24: iingel.

» 7: iet.

». 36: Hbben.

DE LAPE KOER

FEN

GABE SKROOR.

Drukt te DIMTER
bij de Wid. J. H. DE LANGE IN SOON, oon de Brink,
iin 'e wintermoanne fen it jier 1822.

Nech 8447.255.10
A
1

HARVARD COLLEGE LIBRARY
GIFT OF
HENRY HARMON STEVENS
Aug 30, 1929

Twiske Boalset in Frentjer wenne Pibe Rommerts mei siin wiif Saske. 't Wiene tjeppe ljeouwe in goeder jous boppe mjitte. As er ien bidler kaam wie er nin brea brek en wiene de jirappels rom dan hie mannig earm widdou ien wintertarring. Domenij krigge alle jirren ien heal baarg in ien goes to Kriistiid. Pibe siin jonges wiene tige sa toek as hij: wer 't se kamen moast har hoanne keunig kraaije al soe de onderste stien boppe in iin 't keatsen in tippen, doonsjen in koekslingerjen, rinnen in hudriden koenen se alle man oer. Alle gjearre waden se for 'e boerkerij great makke; mar Gabe, dij kreupel in trog 'n dei altiid sa wat gammel wier, moast derom skroor wudde. Disse Gabe koe nuwer prate in sjonge, in

al, wat er sisse woe, koe er iin riim sisse. Skrorje koe er eak wol; mar ien jongfaam hie er dogs ljeawer op 'e knibbel as ien aad broek. Hij is jong stoon in nei siin dea het beppe onder siin skroors bank iin 'e lape koer disse sankjes in riimkes foon. Miene wise ljeouwe, dat Gabe net goe boekstawerje koe, sij matte tinke; 't wier mar ien skroor, dij weiskreeuw sa as er praatte. Er sil nog wol oor lek in brek fen te sissen wease; mar derom wolle wij er eak nin jild for ha in smite disse rimelerij as ien haanfol lapen onder us folk in goede freunen te grabbele. De mage kitelt us nog net onfoeg: mar sa gouw as de jokte us derwei iin 'e beide foorste fingers in tomme slagt, liik as de ljeouwe dij tjinwurg iin 't greate boeke-febriek om deihier arbeidje, dan sille wij de koer nog ris uutskodje in for alle skibbige lapen in fladden, dij er mear uutroolje, tige jild betingje. Dat hjittese nou iinteikenje, ljeeuw ik. Goen dei!

DE

DE BOALSETER MERKE

FEN HOATSE MEI SIIN WOBBEL.

Te Boalset iin 'e merke
Seag ik ien famke gean.
Ik togte, ben! het biste toek;
Sa jong in proes; sa nuwer smoek;
Ja nuwer smoek,
Ja nuwer smoek;
Sa tjep iin sneinse klean.

Ik kaam har wer te mjitte
In seag har bjuster oon.
Ik seag har oon, ik seag har nei:
Mar seag se mij, dan roon ik wei;
Ja roon ik wei, (bis)
In liike hast bestoon.

Soms teagse nei de kreamen
In koft wat nijje klean:
Mar het se koft in het se die,
Of het se te benoaskjen hie,
Benoaskjen hie, (bis)
Ja moast mij altiid sjean.

Dan

Dan gloerke se oer it skouder,
Krekt of 't ien skierket wier,
En het se gloepte, of het se seag,
Ik wier har nooit net uut it eag,
Net uut it eag, (bis)
Al wier 't eak nog sa fier.

De joon begoon te kommen
In 't folkje gong te bier;
De famkes kuiren haan oon haan
In het er wier iin 't Frieske laan,
Iin 't Frieske laan, (bis)
Moast nou ris oon 'e swier.

Miin makkers teagen hinne
In namen elts ien ſaam.
De piipen stieken se oppe hoed
In seine, man! het bist ien bloed,
Het bist ien bloed. (bis)
Ik wist wol wa't ik naam.

Miin bloed begoon te kooitsen;
Ik wist te wraad nin rie.
Ik wie dogs jit mar santjen jier
In nou al mei ien ſaam te bier,
Ien faam te bier, (bis)
Der 'k nooit net doonse hie.

Nou ſtie ik bij ien kreame
Fol koeke in swiete kou;
It koſt wat duumkes for de ben
In togt dan der mei wei te tjen,
Wer wei te tjen; (bis)
Mar né, dat wie der, hou!

Ien hele rigle ſammen,
Dij kamen op mij ta
In tomlen mij der op it liif
In seine, man! der is diin wiif,
Der is diin wiif; (bis)
Want Wobbel woeste ha.

In Wobbel liet har sinke
In patte as ien wiild.
As piipkeniel oer risen brij,
Ja, nog wol swieter smakke 't mij,
Ja smakke 't mij, (bis)
Fen sokken adig biild.

In der mei onder 't doonsjen
In 't patjen sonder ein
Sei Wobbel, werom stunest sa?
Dou woest mij ommers lang al ha,
Ja, lang al ha. (bis)
Ei! hiest it mij mar sein.

Der, sei ik, der miin Wobbel!
Der hest miin rjeochter haan.
Blieouw altiid rjeocht in sljeocht as nou;
Haad jimmer dij oon Frieske trou.
Oon Frieske trou. (bis)
Er is nin leaster baan!

Dit sankje het Gabe makke opp'e beaste snein fen 'e Boalseter merke, dij er nooit forsomme. Der sjit uus bij iin 't sin, dat er de leaste reis mei poatte lieden de sted uut gong in, doe er ien heal ketier op wei weast hie, him ien Siktaris mei ien oeribel tjokke wiin-beeulg mette. Disse frege him "Jongentje! zou ik nog door de poort kunnen?" „Jawol miin heer! sei Gabe, daalk is er nog ien weide hea mei twa groue hiinsers sonder kantroeren trogriden."

—

WID-

WIDSE SANG.

Miin ljeawe moetle jonge,
Ei! kibje net sa fel.
Ik sil ien sankje sjonge.
Miin boike! jaan dij del.

Kniip dou diin ljeawe eagjes,
Diin moesige eagjes tigt,
In wiggelje as dij weagjes
Mei 't reid oon 'e wetters ig.

Dou hest' nin sorg of kommer,
Dou wist' jit neane fen.
Diin widse is dij nou rommer
As 'e wraad dij wudde ken.

Dou hest' ien boek fol tate
In mem dij het wol meer,
Och! lit dij mar beprate.
Sa'n sliepke dogt net seer.

Dou kenste eak swieter slomje
As mennig stumperke dogt,
Dij iin 'e widse forklomje,
Der moer nog minske nei sjogt.

Dij liitse earme hetjes,
  Dij sloofkes haw' 't net beast:
Sij lisse iin fodd'n in flatjes,
  In dou iin ien waarm neast.

Dou hest it folle better
  As mennig prinske it het:
Dij wudde net tjokker in fetter
  Fen al dat swiet banket.

Dij hawe in freamde minne,
  In keapje har tate for goud.
Dou heste diin oerkes allinne
  For tuutjes, miin ljeawe bout!

In wudste dan te wekker
In rekste diin jermkes uut,
Dan smakket 't dij sa lekker;
Der is it ein ſen uut.

Dan tilt diin mem 't gediintje,
It tjustre gediintje op
In kiip't as poes iin 't spiintje
In giisset mei har pop.

Dan tilt se dij uut 'e gloepe
In trieouwket in tutet dij sa;
Dan meist dou har oonkroepe
In sobje in knobje mar ta.

Miin ljeawe moet'le jonge,
Ei! kriit mar net sa fel.
Lit mij net langer sjonge.
Miin boike! jaan dij del.

Dit sankje is hette onnosel: mar Gabe wie eak mar ien foeg jonge, doe er it rjimde. Mem wie er wakkere grutsk op in doe laanhjerre, dat ien permantig stedjer wier, e'rris kaam te tjokieten, moast Gabe it mei siin skel loed alle heel in-d-al op helje. Doe it uut wier, seag Saske laanhjerre oon, of se freegje woe, of dat net is tige mooi wier: mar hij striek de fingers oer siin spits kin in sei "Ja boerinne! dat is aardig. Maar, vroeg rijp, vroeg rot. Kinders, die zoo vlug zijn, worden veelal botterikken, als ze op jaren komen." „Dan, herfette Gabe, sil laanhjerre wol tige ier wiis weast hawwe.

—

Jon-

Jonker Piet hie op 't oonretten fen ien Poep, dij siin heit him ta ien Gowerneur joon hie, ien roon jier iin it Franske laan omswabbe in as ien great heer banketearre. Mar net fetter, net riker, net better kaam er op it slot werom. Flokken hie er leerd uut de pin; in ore dingen dij 't er forhinne net neamen hjed hie in dij 't er op it slot eak net lere koe. It Fransk hie er wakker hiem in mei de fammen fen it slot libbe er, lyk as min er te Paris iin it Palais Roijal mei libbet.

Daalk nei siin oonkomste ('t wier op ien waarme simmer joon) siet er op ien bank oon 'e boete leane fen it slot, mei in aad jagtpakje oon in boksen à la cosaque. Der kaam Sibbel, de slotboers dogter, mei ien linige stap de leane del, jok in amers oer 'e skouders, in tinsende, dat it ien oor heerskip wier, gong se mei ien freunlik, goen joon, forbij.

Mar jonker seag har net, of hij fleag as ien hokling op har ta in piitske har mei ien riiske tjin 'e rokken oon. Dermei het min nou it folgende twiske jonker Piet in Sibbel.

JONKER.

Bon jour, mijn allerliefste kind!
Zeg, waarom vliegt gij zoo gezwind?
Of kent gij dan den jonker niet,
Die voor een jaar het dorp verliet?
Ik heb gereisd in 't Fransche land,
Partout, partout, en homme galant:
Mais telle teinte, tels yeux jolis
N'ont pas les belles de Paris.

SIBBEL.

Goen joon, miin heer! bin jij der wer?
'k Bin wrammels blij dat ik it hjer.

Ik

Ik roon het giisten trog de lean
Ik woe sa nei de jister gean.
Mar jonker, né! — ik koe jij net.
Ik togt, jij wienen tier in fet.
Mar nou binn' jou de klean sa rom;
Eak sprieken jij sa nuwer krom.

JONKER.

Hij kriget har bij de haan in smit har it jok mei de amers fen it skouder oof efter oer in sa foat hinne.

Morbleu mon coeur! vous êtes niaise.
C'est des galanteries Françaises.
Kom, fop mij niet mijn lieve zus.
Gij weigert toch geen welkomst kus?
Amusons nous in deze laan
En laat dat boeren tuig maar staan.
Amusons nous! amusons nous!
Point d'amusemens plus doux.

SIBBEL,

Brimstiger.

Ei fij, miin jonker! fij, miin freun!
Het binn' jij rimpen maal in gleun.
Jij binne dogs ien Grietmans ben.
Fij! lit mij ljeawer mar betjen.
Och né! — Kom, foat! It wudt te bot.
Rin nei jins fammen op it slot.
Ik nim miin amers in miin jok:
Wij haw' it nou mar tige drok.

JONKER.

Hij glimket in striikt siin great Fransk bosk hier iin 'e higte.

Ma foi! vous etes plus difficile
Que les laitieres de la ville.
Ei! laat mij maar eens met u gaan
En kijk mij dan eens vriendlijk aan

Of

Of meent gij dat ik u niet min?
O ja! Gij zijt mijn hart en zin.
Je lui ferai pourtant la cour.
Elle est trop belle voor een boer.

SIBBEL.

Noattig.

Ik haad net fen de Franske swier.
Och! praat mar as forline jier.
Sprek net te folle fen jins het:
Want siker, Sibbel ljeeuwt it net.
It streakjen, jonker! helpt jou net.
Ik haw miin sin op Rommert set.
Dij wrot der iin 't rogge fjild:
Dij haw ik ljeawer as jins jild.

JONKER.

Hij giisgobbet.

Ah peste! Ah, quel trait mauvais!
Non vive donc le gout Français?

Wel, meisje lief! wordt toch niet zot.
Die vent? Ik lach mij nog kapot.
Gij zijt te vlug, gij zijt te schoon
Voor een zoo lompen boere zoon.
Je suis un cavalier galant,
Ik bied u aan mijn' linkerhand.

SIBBEL.

Finnig in lilts.

Nin lofter haan, nin rjeochterhaan
Fen sokken banjer fen it laan;
Mar earme Rommert, from in froed,
Dij wangen het as moolke in bloed.
Derom o jonker Piet! miin freun!
'k Wier ljeawer bij de Franskes bleun.
De famkes iin it Frieske laan,
Dij hade fen de rjeochter haan.

DEA-

DEAGRAWERS SANKJE.

Lodde, lodde in modder,
Deawurks ark in reeuw,
Der ik earme bodder
Mennig greaf mei kleeuw!

Modder, greaf in lodde!
't Needbrea, dat ik ha,
Wiit ik skeppe in lodde,
Greaf in modder, ta.

Earme in rike ljeouwe
Tjenn' hjir op mij oon.
Minske! hjir mast blieouwe,
Boer in keunigs soon.

Smorge kop mei hjirren!
Leist' der opp'e flier?
Blank — far trije jirren —
Of s' ien ingel wier.

Toesen jonge feintjes
Sobben har de haan;
Staauwen mei har weintjes
Om sa'n biild trog 't laan.

'n Dou formoogle plasse!
Nimmen knikst' goen dei.
Wer binn' nou diin skatten?
Wer diin greatheid? Wei!

Lodde, lodde in modder!
Jou mij brea in reast;
Jou mij earme bodder
'n Greaf, ien greaf for 't least.

UUT FEN HOES BIJ DE BOER.

DE MOANTIID.

It ljocht brekt trog de griene gediintjes. De klok slagt hjeal wei fiwen. De wiilde foegels tjirmje oer 't fjild. De hoanne kraait in de lipkes lieppe iinn'e finne. De protters kwele in tjotterje opp'it oeleboerd in de skoastien. De earrebarre klaphalset. De ljurken sjonge oer 'e skoerre. De ade mem hjet de klok: Bauk! seitse, dou mast er oof komme, fanke! in roppe Hidde in de feint: dan ken de aad boer jitte wat lissen blieouwe. Goed, seit Bauk, in wrieouwt e' rris iin 'e eagen in striikt oer 'e reade roone wangen. Sij skouwt de gledde billen oer 'e beadsplanke, klaait har oon in ropt Hidde in de feint.

Der mei is alles iin 't spier. De feint jouwt de kij eerst ien liits jeft' hea in Hidde begint te mjoksjen. Bijke, dij de hele nagt op de aad boer

siin broek lein het, rekt him uut in de boethuus door uutgeande snuffelt er op it hiem om in sieket de ongansen op. Bauk set nou fjoer oon in hinget it tjenwetter oer: mar wij matte eak wat ljocht ha, seit se, in skouwt it raam op in smiit de finsters iepen, dat se tjin 'e moerre stuitje. Nou stekt se har tjeppe troanje iin 'e loft in sjogt mei ien pear freunlike eagen oeral iin 'e blide dage om. It ljochte grien fen 'e simmerkrite skimert trog de tjokke daauwe. Het jong goed haffelt iin 'e liesen om. De ropeintjes wraggelje nei har ta in langhalsje om ien haanfol beanne. De ade mem lit het molken iin 'e tjenne rinne. Sij is liikwol ien minske fen segstig jier in dogs tilt se de tine mei op, dat har de lidden kniese in set him op 'e tjenne in lit het molken er uut rinne, dat het broest. Der mei wudt de spatskoetel er op lein, het tjen lid feast kiille, de pols oonslein. De ade looije bonte wudt ten 'e staal helle in begint

gint te tjenjen, dat het hoes dreunt in de biinten kreakje. Nou it oor folk sit te meltjen begint de aad boer him eak te rissen. Hij stiet op in klaait him oon in snijt for het folk elkmes ien tjok omstik brea. As dat dien is, faget er it meas oof in stekt it iin 'e skie. Hij nimt de bril uut it finsterbank in begint te leasen iin 'e reis nei it himmelske Jerusalem.

It meltjen is dien. It folk komt bij de hud. De ade man nimt siin roon-breed-skade hoetje oof in bidt. De feint gobbet efter de hoed wei in güsjende tjin Bauk trapet har onderwiles op 'e tjennen, dat se it laaitsen eak net iin hade ken. Elts nimt siin stik brea, leit it opp'e knibbel in iit er fen. De ade mem is bang dat het waar foroorje sil, sa het it har jister jonne iin 't kruus stitsen. De aad boer klaget eak oer jicht in de slimme tiid. Hij beskrobbet it jongfolk dat se sa oerdwealsk net wease matte; want

want dat er de earen jitte wol bekoage wudde kenne. Dermei, as de kopkes in pantjes wei berge binne, bereade de frouljue de tjenne in bjinne de tinen in aden uut. De manljue geane oon 't sjedriden of leikje de simmerdiekjes op. De aad man blieouwt iin 'e hudshoeke om de foeken te laapjen in besjogt de kobbe mei de bril opp'e noos...

Hjir briek it oof. Ik ljeeuw dat Gabe it skreeun het wiil 't er bij beppe uut fen hoes wier. Alteas oon 'e or side fen dat pliems papier hie er dit moolke. „Bepp goemoer sil iin it eerste feans jier net oon har forstaa boaste. Forline snein te eftermiddei, doe de kaaijen fe 'e himmel skoerre waden in it measte folk slepte, begoo se iin 'e tjerke as ien ben te skriemen. Domenij togt da hij har sa bij it het nomd hie in frege har, mei 't de pree uut wier, nei har siels beswieren. Mar danig seag hij b de noos laans, doe it ade sloof him dit beskie joeg," So 'k net krite, miin ljeawe Domenij? Okkerdeis is u mooije swat bonte twinter bolle stoon, in, doe 'k jin loed hjedde, wie 't krekt iin miin earen of it earme bis nog is begoon te boolten." „

IT FAMKE.

Miin famke kiipet gol in blier
Uut har twa blouwe eagen.
Ia is sa moetel, gled in tier:
Ien flodder draagt se nei 'e swier,
Ien kiips mei siid'ne beagen.

2.

In omm'e seafte hals ien string
Fen mooije reade kralen:
Der foore iin ien gouden ding,
It flikket as ien stjerre kring
Mei stjintjes gleun fen stralen.

3.

Mar boppe peerrel of robiin
Blinkt jit har spitsig kintje:
Ien dobke stiet er midden iin.
Har wankjes binne waarm in fiin
As 't iere forjiers sintje.

4. In

4.

In fen dij ljeawe krale string,
Der wiint ien slinke hinne;
Mar wer dij slinke hinne wiint,
In het der efter 't jakje tiint,
Dat witse mar allinne.

5.

Ha tuutje — o! sa weak, sa hjit,
Dat wit ik mar allinne.
Ien rig'le tosken, geef as krijt,
Beseamd mei lipkes, read in wiit,
Of 't Bels'mer keassen binne.

6.

In jit bij al dij snipperheid
Fen klean in ien in ore,
Sa het s' ien fromme, froede sin,
De kreasens fen ien wjitten hin,
De blierens fen Aurore.

7.

Mar het jit swieter is as swiet,
Dat ken nin bloarre preeuwe.
Want isse tjep in smoek in mooi
In het har kantens mjitt' nog rooi,
Ja wol it sels net ljeeuwe.

IT LIBBENS EIN.

Der leit er oon 't soere libbens ein;
Der leit er, de wraad is him ontflein.
Och! binn' dat nou dij flinke ljea,
Der kreft in fjoer trog fleag in sea?
Sa tigt for tweintig jirren,
Nou rank as spjugt'ge spjirren.

Der leit er in ribosket stiiw in krom
In skrousk in forskromle, iin 'e slom:
It tel forwiille in tor as hea:
Fen kjeald de neilen blouw in rea:
Siin skonken, aleer sa fuddig,
Hoe lam binn' dij tjinwuddig!

Dij stjerrende eagen dof of skel,
Wat sinke se djip iin 'e holle del!
Siin wangen eer'n sa blier in rea,
Dij lisse nou sa dobbig in dea;
De fingers, tinner as risen,
Mei wrinen in plomkes te tisen.

O! harkje dat near gewein, dat gekjirm,
Dat rogchelend siikjen in getjirm.
It loed forhinne gled in klear
Bestjoert nin snippre tonge meer:
Dij tomlet iin 'e moele,
As ien bliinne iin 'e koele.

Der leiste miin earme âde sloof,
Fij! bliin in forlamme, staf in doof.
Nog trijje siken, dan is 't dien.
Hij leit het oof. Nog twa, nog ien...
Moast dou sa stil de wraad ontsloepe?
Dij altiid fleag, it ein bekroepe?

Ja, 't gleas wie ferroon; hij is er weast.
In wa dij de grimme dea beleast?
't Is keunig, skooijer, jong of aad.
De dea is master fenn'e wraad!
De wraad forgiet in wij forsinke.
O! lit uus jimmer derom tinke.

Nou ta besluut nog ien wudje oer Gabe. For ien jonge, liik as jimme niis hjed ha, wie er wat te riip iin 'e bek. Wie er bij ljeouwe, dij wat opp'e hoannen hiene, dan roon er folle mei de stikel om. Mar mei de jirren waad er al wiser. „De ljeouwe, sei hij, dogge har beast om mij it priisjen alle heel oof te leren, in altiid te lekjen is mij dogs te grinig". Tjin de Eksteur, dij him

beskrobbe dat er op jonker Piet rjimd hie, sei hij, „I
ha nin feet op de minsken, mar op har ondogensheit i
maale poepske franjes.,, Op ien oor tiid wie siin wu
"De ongelokkige minsken beklai ik doebeld; ienris o
dat se iin 't ongelok binne, in nog is, om dat se it ha
sels meast te witen ha." Oer siin kreupelens tilde Gab
net swier. Ien pronkske boerinne, dij frege, of er hi
net beskamme, as de stedjonges him oer siin briik g
in sarjes baaitje nei ropen, krigge dit fen him. »Ik so
mij skamje as ik flinke, mooi oppronke, ljea hie in de
iin ien fordraaide in smorge siel.,, Neane wie Gab
meer mei op it skik, as dat er him sels mei it skrorje
bedrippe koe: toesen ris het er it wol sein, "Eige
brea is swiet brea; want der hoeft min nin hoetje for t
ligten, as bij uus liewen Heer." As de stokmantjes hi
te mjitte roolne, soe hij se net wei skoppe; mar Gabe wo
er sa net om skreppe in skoerre as de measte ljeouwe
Hij hie 't wakkere hiem, dat it besitten fen hondert toe
sen gone sa swiet net wease soe, as it forlies fen tw
toesen fortrietig wie. Fen rike ljeouwe, dij it uut '
moele begorrene om nog meer te krijjen, wie siin wud
»Ear-

Earme minsken hawwe ien bult brek, mar gjirge al-
s.„ Op de oonmerking fen immen, dat er dogs eak
n bult wienen dij 't jild broekten, hie hij dit wer,
Alles is for it jild te keap ; mar it beaste, ien goed sin
i ien gesoon forstaan, net; in as dat al te keap wier,
oenen er dogs hast nin keapers op uut komme. Sa 'n
iitje binne er, dij dij waar kenne". 't Moeide Gabe
juster dat er sa 'n biitje leerd hie : mar doe him is ien
Domenij tjin kaam, dij him gek stedjerre hie, sei hij,
Dij man het de mage oeriesd. Hij woe de geleertheit
pfrette, in min mat er, tinkt mij, mar fen preeuwe.„
Don ien stedint, dij him forhelle dat hij al agt jier Grieks
n Latiin leerd hie, liet Gabe roeke, dat it ien mooi mar
ljoer ding wier, mei him te freegjen, of hij dat freamd
praten nou sa goed al koe, as de skroor fen Cicero in
le taam fen Demosthenes ? Ien fen Gabes broerren, dij
en siin wiif, dat ien bjuster adig minske like, skaat wie,
waad deroer fen ien selskip frouljue berabbe. Gabe, dij
ler bij wie in krekt ien pear splinter nijje skoen oon hie,
tiek siin beide skonken uut in frege har, wat har fen dij
skoen togte ? „Dat binne tige mooije skoen, Gabe!"

seinen se. „Dat ken jimme sjen, herſette de sned
skroor; mar fiele jimme nou eak wer 't se mij twinge
Gabe houde ien bult fen de frouljue; mar sij wiene h
te riinsk iin it oertollige in te deun op it nodige. Ja
sei hij, "Trog 'n dei ien tige miel in altemets ien segs
heal oon 'e earmen griist har wol helte meer as ien fla
kant fen fiiftig gone."

Doe Gabe for siin leaste anker lei, beklagge Saske hi
dat er sokke bittere drankjes iin nimme moast. „K
der net oer, mem! sei er. Dat is sa uus lot it hele li
ben trog. Fen de toes'nerlei bitterheit, der wij hjir
bleat lisse, is er net ien, der wij ſen geneasen wud
kenne, as trog ien ore bitterheit. As God tinkt, dat
libben ien kwea for us wudt, helpt hij er uus eak allin
trog de bittere dea uut." Doe de toersklok nagts to
oere bromde, sei Gabe mei ien kleare stimme „De t
is forroon; de iewigheit begint.„ In foat dernei krig
hij ien liitse knik trog de lidden in stoor.

Hjir mei winskje ik Gabe goenagt in jimme allegjea
sokken libbensdei, der ien swiete nagtreast opfolg